

## Eala!

‘Strider foar it Frysk, mei kennis wapene’ stiet op Tony Feitsma har grêf yn Brantgum. Dat typearre har. Har persoan - beweger en wittenskipper - en har wurk - wittenskip en beweging. Hjoed de dei soenen sosjale wittenskippers har in ‘mover and shaker’ neame. Minsken en saken yn beweging sette, mei de wittenskip as middel. By libben en nei har dea. Se woe dat har neilittenskip - wurk en jild - it brûken fan it Frysk stypje soe. Dat, se hat al ier yn har libben, yn 1988, it Fûûns fwar it Frysk (ropnamme Feitsma Fûns) oprjochte om dat doel ek nei har dea te befoarderjen.

Ien fan de saken dêr’t Tony wis fan wie, wie dat se tsjûge en part west hie fan in nijsgjirrich tiidrek yn de skiednis fan de frisistyk. Dat moast fêstlein wurde neffens har. Want skiednis jout antwurden op fragen dy’t wichtich binne foar de takomst. De takomst dêr gie it har om. Dêrom hat it Feitsma Fûns opdracht jûn en stal in bondel gear dêr’t wittenskippers har wurk fan doe yn (be)skôgje mei de eagen fan no. It risseltaat binne wy tige wiis mei: ‘Wittenskip en Beweging, skôgings oer wurk en stribjen fan prof. dr. Tony Feitsma’ (Ljouwert, 2015). Wy hoopje dat de bondel ynspirearret om wat mei it Frysk te dwaan, om yn beweging te kommen, te setten of te bliuwen fansels. In taal libbet troch de minsken dy’t har brûke.

Tony makke gjin ûnderskie tusken wurk en libben, dat rûn trochinoar yn har tinken en dwaan. Men kin har wurk net los sjen fan har libben. Om dy reden fûn it bestjoer fan it Feitsma Fûns it passend en stal in ‘freoneboekje’ gear mei brieven fan minsken dy’t har postúm skriuwe op hokker wize oft Tony har beweegd of yn beweging set hat. Posityf en ek negatyf.

Net elkenien wie har freon. Dat wie by har libben al gjin geheim. Mar ús kar en neam it in ‘freoneboekje’ (frij nei liber amoricum en de nijmoadrige freoneboekjes dy’t bern brûke yn stee fan de eardere ‘poesyalbums’), bliek foar guon minsken in drompel om mei te dwaan. Dat waard dan wol mei arguminten ûnderboud dy’t op himsels ek wer typearjend wiene foar de persoan fan Tony. In pear derfan wolle wy jim net ûnthâlde: “Ik ha temin persoanlik kontakt mei Tony hân”; “It is ek noait ta ‘Tony’ en ‘Jan’ kaam..”; “Tony in freon fan my? Hm.. In brief oan ien dy’t dea is? Hm..”; “Om’t Tony en ik no net fuortdaalks inoars freonen wienen..”; “..boppedat stiet it hiele idee my net oan, it giet my tefolle de kant fan persoansferhearliking út en ik fyn dat ek absolút net by Tony passen.”; “..ik ha altiten grut respekt hân foar har kundigens en ynset .. mar dat se my echt rekke of ynspirearre hat, kin ik net sizze..”. De moaiste wie faaks “..want ik rekkenje my net ta har freonen. Mar ik hâlde al fan har.”

Wy fûnen it al spitich dat benammen de minsken dy’t har net as freon seagen net in brief skriuwe woenen. Tony wie net perfekt. It hie moai west as de tsjinstemmen har ek heare litte hienen, just om’t it tekenjend wie foar wa’t se wie. En dat wie ús doel, in breed persoanlik byld jaan mei de eagen en it hert fan minsken dy’t har kend ha. Dêr hearre ek de minder moaie kanten by; gjin hagiografy.

It bewiisde mar wer dat echte striders nea allinne freonen ha kinne, ûnder it motto ‘wa’t net foar my (myn saak) is, is tsjin my’. In spreuk dy’t Tony net frjemd wie.

Wy tinke dat dizze samling postume brieven dochs in rike blik jout op de frou efter, yn en foar har wurk. Op de beweger dy't wittenskipper wurden is om te bewegen, om it Frysk yn beweging te hâlden.

Ta beslút wol ik graach alle briefskriuwers tank sizze foar har iepenens, guontyds oandwaanlik, en har moed om bûten har 'comfortzone' te gean en in brief te skriuwen oan ien dy't der net mear is. Wy ha sa min mooglik redigearre, autentisiteit wie ús wichtiger as styl en uniformiteit. Dêr wer't de lingte de beskikbere rûmte te boppen gie, ha wy stikjes weilitten: [...]. Alle yntegrale teksten kinne jo werfine op [www.feitsmafûns.nl](http://www.feitsmafûns.nl). De folchoarder is willekeurich, lykas de measte minsken har brieven yn in âld skuonnedoas bewarje.

It is al mei al in nijsgjirrich boekje wurden. Net allinne wat de ynhâld oanbelanget, ek de foarm en it printwurk binne de muoite wurdich. Mei tank oan de kreativiteit en it fakmanskip fan Wytze Fopma en Peter Boersma.

By Wytze yn 'e wurkpleats stiet op ien fan de balken: 'Mei jild kin jo de hûn keapje, mar net it giseljen fan syn sturt.' Sa is't mar krekt.

Dat, wy skinke jo dit freoneboekje mei leafde en winskje jo krekt like folle wille ta mei it lêzen as wy, Jantsje Post en ik, sels hân ha by it gearstallen. Út namme fan it Feitsma Fûns, Fûns fwar it Frysk,

Irénke Meekma,

*Foarsitter*

Maaie 2015